**Examen HAVO**

# 2023

tijdvak 1
dinsdag 30 mei
9.00 - 11.30 uur

## Fries

Bij dit examen hoort een bijlage.

Dit examen bestaat uit 40 vragen.
Voor dit examen zijn maximaal 47 punten te behalen.
Voor elk vraagnummer staat hoeveel punten met een goed antwoord behaald kunnen worden.

Geef niet meer antwoorden (zinnen, redenen, voorbeelden e.d.) dan er worden gevraagd. Als er bijvoorbeeld één zin wordt gevraagd en je antwoordt met meer dan één zin, dan wordt alleen de eerste zin in de beoordeling meegeteld.

## Tekst 1 Fan winsk nei wierheid

1p **1** Hokker funksje hat de ynlieding boppe de tekst?
- **A** De ynlieding formulearret de gearfetting foarôf.
- **B** De ynlieding formulearret de probleemstelling.
- **C** De ynlieding formulearret in anekdoate.
- **D** De ynlieding formulearret in konklúzje foarôf.

Yn de ynlieding boppe de tekst stiet: “stik foar stik hawwe de studinten in oare eftergrûn en oare driuwfearren”.

1p **2** Lis yn eigen wurden út wat yn dizze kontekst mei it wurd ‘driuwfearren’ bedoeld wurdt.

*De vragen 3 tot en met 8 gaan over Hiltsje Bloemhof. Zij komt aan het woord in de alinea’s 1, 2 en 3.*

1p **3** Wat wie it doel fan Hiltsje Bloemhof mei de oplieding?
Sitearje it **tekstpart** dat dat oanjout.

Yn alinea 2 fertelt Hiltsje Bloemhof oer in nije oanpak fan har wurk.

1p **4** Hokker útwurking hie dy oanpak foar har wurk yn it algemien?

Yn alinea 2 wurdt praat fan in surrealistyske wrâld (r. 38).

1p **5** Hokker wurden út alinea 2 slute ynhâldlik it bêste oan by ‘surrealistyske wrâld’?
- **A** in eigen wrâldsje (r. 30-31)
- **B** in fiktyk lânskip (r. 31)
- **C** in dreamlânskip (r. 39)
- **D** in moaiere wrâld (r. 42)

*De volgende inleiding hoort bij de vragen 6 en 7.*
“‘Ik fyn it wichtich om dat gefoel troch myn wurk te dielen.’” (r. 51-52)

1p **6** Sitearje it **wurd** út alinea 2 dat oanjout hokker gefoel oft Hiltsje Bloemhof bedoelt.

1p **7** Hoe leit Hiltsje Bloemhof dy útspraak yn it ferfolch fan alinea 3 út?
- **A** mei in ûnderbouwing basearre op autoriteit
- **B** mei in ûnderbouwing basearre op emoasje
- **C** mei in ûnderbouwing basearre op moraliteit

“‘Soene se it wol begripe?’” (r. 60)

1p **8** Op wa wurdt doeld mei it wurd ‘se’?
Sitearje **twa losse wurden** út alinea 3.

*De vragen 9 tot en met 12 gaan over Jack Visser. Hij komt aan het woord in de alinea's 4, 5 en 6.*

2p **9** Hokker tsjinstelling sit yn it deistich wurk fan Jack Visser en syn wurk as keunstner?

"'Eb en floed dogge mei'" (r. 86)

1p **10** Hokker byldspraak sit der yn boppesteand sitaat?

- **A** ferliking
- **B** metafoar
- **C** metonymia
- **D** personifikaasje

1p **11** Hoe omskriuwt Jack Visser de posysje fan de minske foar de natuer oer? Helje it antwurd út alinea 6.

Alinea 6 befettet meardere eleminten. It earste elemint is in winsk.

1p **12** Hokker opsomming jout de opbou fan alinea 6 nei dy winsk it bêste wer?

- **A** advys-konstatearring-oprop
- **B** fersyk-stânpunt-konklúzje
- **C** konstatearring-útlis-stânpunt
- **D** útlis-konklúzje-advys

*De vragen 13 tot en met 17 gaan over Renée van Bezooijen. Zij komt aan het woord in de alinea's 7, 8 en 9.*

1p **13** Hokker wurd jout neffens de tekst de oerienkomst oan tusken Renée van Bezooijen har eardere wurk as taalwittenskipper en it tema fan har ôfstudearwurk?
Basearje it antwurd op de alinea's 7 en 8.

2p **14** Lis yn eigen wurden út wat it ferskil is tusken de wurkwize fan Renée van Bezooijen as taalwittenskipper en hoe't se har ôfstudearwurk makke hat. Basearje it antwurd op de alinea's 7 en 8.

"'Ik hoopje dat minsken net allinnich de fariaasjes sjogge'" (r. 145-147)

1p **15** Hokker trije konkrete fariaasjes neamt Renée van Bezooijen yn it ferfolch fan alinea 9?

*De volgende inleiding hoort bij de vragen 16 en 17.*
"'It moaiste is fansels as se dan ek harren gedrach oanpasse.'"
(r. 163-165)

1p **16** Sitearje út alinea 9 **twa opienfolgjende sinnen** dêr't Renée van Bezooijen yn oanjout hokker reaksje oft sy by de minsken oproppe wol.

1p **17** Op hokker wize hat Renée van Bezooijen yn har ôfstudearwurk besocht om minsken der bewust fan te meitsjen dat dy gedrachsferoaring wichtich is?

*De vragen 18 en 19 gaan over de hele tekst.*

1p **18** Wat wolle Jack Visser en Renée van Bezooijen by it publyk berikke mei harren wurk?
- **A** Jack Visser wol it publyk benammen oertsjûgje en Renée van Bezooijen wol it publyk ek foar in part oantrune.
- **B** Jack Visser wol it publyk foar in part oantrune en Renée van Bezooijen wol it publyk benammen oertsjûgje.
- **C** Beide wolle se it publyk benammen oantrune.
- **D** Beide wolle se it publyk benammen oertsjûgje.

1p **19** Wat is it wichtichste doel fan dizze tekst?
- **A** Beärgumintearje wat de driuwfearren binne foar it ôfstudearwurk fan studinten oan de *Kunstacademie Friesland*.
- **B** In byld sketse fan de hjoeddeistige keunstwrâld yn Fryslân.
- **C** Lêzers yn de kunde bringe mei studinten oan de *Kunstacademie Friesland* en harren wurk.
- **D** Lêzers oerhelje om nei de útstalling fan eksamenwurk fan de *Kunstacademie Friesland* te gean.

## Tekst 2 In Gouden luw fol earmoed

1p **20** Hokker funksje hat alinea 1?
- **A** it fertellen fan in anekdoate
- **B** it formulearjen fan de sintrale fraach
- **C** it yntrodusearjen fan in saakkundige
- **D** it jaan fan in gearfetting foarôf

1p **21** Hoe ferklearret Breuker wêr't syn belangstelling foar skiednis weikomt?
- **A** Hy hat nea leaud yn de yllúzje dat eartiids alles better wie.
- **B** Hy hie as lyts jonkje al niget oan skiednis en woe der alles fan witte.
- **C** Hy woe altyd begripe wêrom't de werklikheid sa wie as dy wie.

Breuker wie yn de sechstiger jierren haad fan ’e skoalle yn Boazum.

1p **22** Wat wie neffens alinea 3 yn dat ramt wichtich foar Breuker?

1p **23** Hokker konklúzje past it bêste by it earste part fan alinea 5 (r. 55-65)?

- **A** De ferskillende lânskipseleminten ynspirearren Breuker om him better yn de omkriten te ferdjipjen.
- **B** It wie earst pas nei in skoftke dat Breuker it lânskip better wist te trochgrûnjen.
- **C** Troch ynsjoch yn de struktuer fan it lânskip learde Breuker it gebiet better kennen.

1p **24** Wat is it ferbân tusken “De petearen … fan Boazum” (r. 65-74) en it foargeande part fan alinea 5 (r. 55-65)?

- **A** It is in konkludearjend ferbân.
- **B** It is in oanfoljend ferbân.
- **C** It is in oarsaaklik ferbân.
- **D** It is in tsjinstellend ferbân.

Yn it tekstpart dat bestiet út de alinea’s 5 en 6 wurde ferskillende soarten skreaune boarnen neamd dy’t Breuker rieplachte hat foar syn histoarysk ûndersyk nei Boazum.

2p **25** Neam de fjouwer skreaune boarnen.

1p **26** Hat Breuker, neffens it tekstpart dat bestiet út de alinea’s 5 en 6, fan it begjin ôf fan doel west om in boek oer de skiednis fan Boazum te skriuwen?
Lis dyn antwurd út.

“En yn it digitale tiidrek is it argyf fan it Fatikaan ek tichtby.” (r. 86-88)

1p **27** Wat bedoelt Breuker mei boppesteande útspraak?
Breuker bedoelt dat

- **A** er fynt dat it Fatikaan mei syn tiid meigiet.
- **B** er leaver in echte reis nei it Fatikaan ta makke hie.
- **C** er sels ynformaasje út it argyf fan it Fatikaan brûke koe.
- **D** er tinkt dat it Fatikaan yn de opsomming thúsheart.

“Ut dy hûnderten losse fermeldingen rûnom wei hat er alle húshâldingen út it ferjittersboek helje kinnen dy’t yn 1640 yn it doarp wennen.” (r. 88-92)

1p **28** Wat wurdt dêr bedoeld mei ‘út it ferjittersboek helje’?

2p **29** Hokker tsjinstelling oangeande Breuker syn wurk wurdt beskreaun yn alinea 7?

Yn alinea 8 wurdt in oarsaak-gefolch-ferbân beskreaun mei it each op smeudige anekdoaten.

2p **30** Neam de oarsaak en it gefolch.

"'Gysbert skriuwt oer de merke, it keatsen en de brûkmen om berte en stjerren hinne.'" (r. 142-144)

1p **31** Mei hokker earder neamde opienfolgjende wurden yn de alinea kinne boppesteande foarbylden gearfette wurde?

Yn de alinea's 9 en 10 wurdt beskreaun hoe't de Gouden Iuw kwa wolfeart ferrûn yn Boazum.

2p **32** Neam út it tekstpart fjouwer konkrete foarbylden dy't hearre by de beskriuwing fan doe't it minder goed gie.

Yn de tekst wurdt de ein fan de 16de iuw en begjin fan de 17de iuw opdield yn ferskate tiidrekken. De tiidrekken steane yn ûndersteand skema. Under it skema steane trije beskriuwingen.

| **tiidrekken** | **beskriuwing (letter)** |
|---|---|
| 1585 – 1630 | |
| 1630 – 1650 | |
| nei 1650 | |

Beskriuwing a: tekoart oan jild en wenromte
Beskriuwing b: ûntjouwing en progresje
Beskriuwing c: djoerder libben en efterútgong

1p **33** Notearje yn it skema efter elts tiidrek de letter fan de bêst passende beskriuwing neffens de tekst.

"De huzen … yn keamerwenningen." (r. 168-170)

2p **34** Hokker twa oarsaken geane foarôf oan de gefolgen dy't beskreaun binne yn boppesteand sitaat?

"'Ik stean op it stânpunt dat de maatskippij yn de perioade 1580-1630 sterk polarisearre wie.'" (r. 212-214)

1p **35** Hokker oarsaak dêrfoar kinst ôfliede út it tekstpart dat bestiet út de alinea's 11 en 12?

- **A** de ferskillende streamingen dy't ûntstiene nei de reformaasje
- **B** de ferskillende posysjes fan minsken kwa wolfeart
- **C** de ferskillen yn sosjale groepearringen yn de maatskippij

1p **36** Wat is it karakter fan it sitaat dêr't de tekst mei ôfsletten wurdt?

- **A** in advys
- **B** in gearfetting
- **C** in konklúzje
- **D** in warskôging

Stelling: Breuker lit mei syn ûndersyk en boek sjen wat ‘In Gouden Iuw fol earmoed’ betsjut.

1p **37** Hokker opienfolgjende alinea’s jouwe it bêste de befêstiging fan boppesteande stelling oan?

1p **38** Lis yn eigen wurden út hokker tsjinstelling oft der yn de titel fan de tekst sit.

1p **39** Wat is it wichtichste doel fan de skriuwer?

**A** De skriuwer wol Breuker ferslach dwaan litte fan syn ûndersyk nei Boazum.

**B** De skriuwer wol mear ynformaasje jaan oer it libben yn Boazum yn de santjinde iuw.

**C** De skriuwer wol sawol syn eigen fyzje as dy fan Breuker oer de Gouden Iuw jaan.

1p **40** Wat is it wichtichste doel fan Breuker?

**A** Breuker wol de lêzer ferdivedearje mei ferhalen oer de perioade dat er ûndersyk die yn Boazum.

**B** Breuker wol de lêzer ynformearje oer syn motivaasje foar en útkomsten fan it ûndersyk.

**C** Breuker wol de lêzer oantrune om him mear te ferdjipjen yn de skiednis fan it eigen wenplak.

**D** Breuker wol de lêzer oerstjûgje fan it belang fan it bestudearjen fan de Gouden Iuw yn Fryslân.

**Bronvermelding**

*Een opsomming van de in dit examen gebruikte bronnen, zoals teksten en afbeeldingen, is te vinden in het bij dit examen behorende correctievoorschrift.*